



### FAN IT BESTJOER

Nij yn it ôfrûne jier wie dat stipers dy't op ús jûnen komme wolle, gebrûk meitsje kinne fan Grou MobyL, in moaie tsjinst fan UVV. We binne bliid dat dizze mooglikheit ek kommand winterskoft wer bean wurdt. En wy hawwe twa middeis fersoarge foar (âld-)Grousters en oaren yn Leppehiem te Akkrum.

As bestjoer ferwolkomje wy jim graach wer op ús earste jûn op 2 novimber o.s. yn Hotel Oostergoo. De gearstalling fan it bestjoer is feroare nei it hommels ferstjerren fan Anna Hemstra-de Jong. Margje de Jong (foarsitter), Lutske Melein-Kooiker (skriuwer), Bart van der Wijk (ponghâlder) foarmje it deistich bestjoer en Bauke Lageveen, Frans Bakker en Yede van der Veen meitsje it bestjoer folslein. Beide lêsten binne dwaande mei harren lêste jier as bestjoerslid. Jentsje Hofstra is ré fûn sit te nimmen yn it bestjoer.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2023 – 2024

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.

Ynformaasje: Pr. Beatrixweg 1, 9001 JM Grou, tillefoan 06-5112 3621. Wizigingen yn bygelyks it wen- en/of emailadres kinne jo trochjaan op [stiftinggrou@live.nl](mailto:stiftinggrou@live.nl) as fia it ynformaasjeadres.

#### **Tongersdei 2 novimber.**

We begjinne dit winterskoft mei in 'glêd' praatsje. **Ale de Jager** sil it hawwe oer it pleatsen fan fûken, it fangen fan fisk en iel, it rikjen fan dy iel en alles wat der sa op syn paad komt. Koartsein: in jûn oer de beropsfiskery op de wetters rûnom Grou.

#### **Tongersdei 14 desimber.**

Jûn meitsje we in stapke yn (noard)westlike rjochting en komme terjochte yn Idaerd by Friesmastate en Beslingastate te Friens. **Liuwe van der Meer** is mei de bewenningsskiednis fan beide states aardich op 'e hichte, mar ek fan de oanlis fan beide túnen en de bou fan beide states is genôch fêstlein om der in ferhaal oer te hâlden.

#### **Tongersdei 18 jannewaris.**

**Jan Keuning** (ja, yndie de soan fan ...) sil jûn ferhale oer syn jongesjierren hjir yn Grou, syn syktocht nei it skildery fan Sjoerd Budstra (1893-1978) en hoe ien en oar laat hat ta it grutste "Grou-museum" fan Dimter en miskien wol fan hiel Oerisel.

Neidat **Yede van der Veen** ferline winter troch in stoarm foar anker moast, fart hy no wer in foar-de-wynsrak, te silen troch de lêste beide skûtsjes dy 't ûnder de namme "Doarp Grou" fearn hawwe. As waar en wyn meisitte helje we no sûnder averij de einstreep wol.

#### **Tongersdei 7 maart.**

In oerpake fan **Lútsen de Jong** mei namme Roel Jans Feenstra, wie skipper yn Grou mei in houten tsjalk. Fan him is in skrift bewarre bleaun oer syn reizen troch Nederlân yn de jierren 1900-1904. Hy ferfierde hast alles wat je mar betinke kinne en hjirby komme Grou en omkriten geregeld wer werom.

Nei it skoft kriget **Ultsje Hosper** it wurd. Fan Grou wurdt altyd sein dat it eartiids in doarp wie fan skippers en fiskers en hjoed-de-dei fansels in sintrum foar de wettersport. Fansels is dat sa: Grou leit midden yn it wetterlân en de ûntsluting wie iuwenlang allinnich oer it wetter. Mei de oanlis fan de Rykstrjitwei fan Swolle nei Ljouwert om 1825 hinne, krige Grou in ferbining by Jirnsum en yn 1868 in spoarferbining. Mar doe't Grou om ende by 1250 stifte waard, wie it in doarp fan boeren.

## Ferslach fan it winterskoft 2022-2023.

### **3 novimber 2022.**

Einliks is it dan wer safier. De earste jûn fan de Stifting Grou kin wer útein. De seal sit grôtfol, 150 besikers. Margje, ús foarsitter iepenet de jûn en hjit elkenien wolkom. Der hawwe twa stipers gebrûk makke fan Grou MobyL. Ús earste sprekker is **Bauke Lageveen**, ek bestjoerslid fan de Stifting Grou. We krije earst in fraach fan Bauke: as wy wol witte, wa de earste eigener fan Oostergoo wie en de namme fan Hotel Oostergoo eartiids. De earste eigener wie Jan Sjoerds van Stralen en it hjitte doe “Water en Veldzicht”.

Bauke begjint mei plaatsjes fan in silerij by Grou, It Halbertsma plein en oare moaie plakjes yn Grou. We komme by de famylje Terpstra-Blijstra út Goor. Bûterdirekteur Terpstra, trout mei in dochter fan Blijstra en broer fan Jan Terpstra, de bûterdirekteur yn Grou. Bauke hat noch yn Goor west en it bûterfabryk besjoen. Syn broer, Jan Terpstra, wenne yn it hûs neist it gemeentehûs. (No Rolf en Metsje de Koning). De pleats “Graalda” wie fan de famylje Ype Blijstra. Letter hat de famylje Kaastra hjir jierren lang buorke. De famylje Blijstra hat doe it hûs neist “Sinne Wentse” sette litten. It hûs wêr letter Tsjipke Húsman wenne en no Kees en Rina Veenstra. Dernei geane we mei in drone oer de Stasjonsdyk, lâns de Parkstrjitte, de Haadstrjitte, op nei de “Bierhalle”. Sa besjogge we Grou no fanút de loft. In prachtich stikje nije technyk. Bauke begjint op ‘e nij, mar no mei âlde foto’s, lâns itselde stikje dyk, as jo Grou yn komme oer de Stasjonsdyk. De pleats “Graalda”, it hûs neist “Sinne Wentse”, it gemeentehûs mei de fiver, de pleats “Wytisma”, de molehúskes, it hûs fan de famylje Geert van der Byl by de yngong fan it Halbertsma fabryk, boekhannel Terpstra, it hûs fan de famylje Mulder. De blommewinkel fan Eusie, de sigarewinkel fan Deelstra, de brêge by bakkerij Bouma, boekhannel Friso en dan einige we wer by de Bierhalle.

We sjogge in plaatsje fan in houten geboutsje, “de trem“. Joost Sjoerds van Stralen wie de earste eigener fan de Bierhalle. Dernei komme as útbaters Hieke van Stralen & Eeltsje Bottes van der Wal. “De trem” ferdwynt yn 1927. De nije Bierhalle wurdt boud yn 1933. Jan Veenstra is dan de nije kroechbaas. Troch de jierren hinne binne der ferskate kroechbazen west. Froulju en manlju. Sipke Baukes Visser & Baukje van der Wal, Jan Veenstra & Hieke Veenstra–Boerke, Moeke Bosch, Minne en Tiny van der Veen. Yn de tiid fan Minne en Tiny is der noch in grutte ferbouwing west. Dernei komme as útbaters Pim en Baukje Kriege. Tuskentiids Elwin Rinsma en no wer de famylje Kriege: René en Baukje.

Nei it skoft wurdt der in film fertoand. Dizze is makke troch Minne van der Veen. It is de grutte ferbouwing fan de Bierhalle troch it boubedriuw fan Jan de Wal. De timmerlju lykje bytiden wol akrobaten sa’t se op ‘e balken heech boppe de grûn balânsearje. Nei de feestlike iepening komme der noch wat bylden foarby fan it libben yn de Bierhalle. We sjogge allegear bekinde Grousters dy’t in protte wille ha. It ropt by elkenien tinzen op út dy tiid. Doarpsfeesten, lykas ‘it lyts matinee’, toaniel, muzyk, dûnsje, skutjasse, biljerte, it optreden fan “Jean Remière” en brulloftsfeesten.

Ja, der wie allegear fertier en it is no noch in plak foar jong en âld.

Margje betanket Bauke foar dizze moaie jûn en hy kriget in grut applaus fan de oanwêzigen. Elkenien set wer fleurich op hûs oan.

### **18 desimber 2022.**

Margje iepenet de jûn en hjit elkenien fan herte wolkom.

**Johan Prins** begjint syn ferhaal oer de skûtsjes. Begjin 1900 wiene der noch 300 beurtskippers. Dizze skippen wiene de ferbining fan de doarpen nei de stêden lykas Ljouwert, Snits en Boalsert. Der wiene noch net sa folle dyken fansels. Der binne ‘snikken’ en ‘skûtsjes’. De “Æbelina” wie in boeierachtich skûtsje. Yn 1862 waard der al mei hurdsyld. Der wiene ferskate klassen jachten en it prizejild wie net om ‘e nocht, 100 gûne! We krije de histoarje fan de “Æbelina” te hearren. It skip is bout op de werf fan Eeltsjebaas op ‘e Jouwer.

De twadde sprekker is **Harry Amsterdam**. Syn ferhaal giet oer it “Dorp Grou”, letter “Doarp Grou”. Skipper Peekema wie in betûft siler. Yn 1873 kocht Peekema it skip as beurtskipper mar hy die ek mei oan de hurdsilerij. Peekema hat sa’n 45 prizen wûn. Yn 1880 waard er sels in kear

útsletten fan dielname. Yn 1909 is it skip ferkocht en út Grou ferdwûn. Fan 1921 oant 1923 wie it skûtsje as sleepboat yn Warkum. Doe is it wer ferkocht oan famylje fan Harry Amsterdam en kaam it as beurtskip yn Hylpen te lizzen. Yn 1949 kocht de famylje Friksen it skûtsje. Hjir waard it brûkt op it Waad om op garnalen te fiskjen, de ZK 37. It wie 2011, doe kocht Tony Brundel it skûtsje yn Zoutkamp en ferkocht it troch oan Jelle Talsma. Jelle hat it restaurearre litten yn Droegeham. It wie doetiids in fiskersskip en letter ombout ta in motorskip. De restauraasje hat in pear jier duorre mar is tige goed slagge.

Nei it skoft komt **Frits Jansen** oant wurd. Hy is fan de stifting “Foar de neiteam”. It giet oer de histoarje fan skûtsjes. Ferskate skippers binne oanskreaun om harren ferhaal te dwaan sadat it net ferlen giet foar de kommende generaasjes. Der is ek in webside fan Tresoar. Koartlyn wie der noch in útjeft fan it boek “Skippersvrouwen”, mar earder binne der ek al tal fan útjeftes west fan boeken oer skûtsjes. Der wurdt ek in soad dien om it skûtsjesilen by de jeugd te promoaten. In moai ferhaal is ek dat fan it skûtsje “Stêd Dockum”. It docht bliken dat dit de “Ebenhaëzer” is fan de famylje Van der Werf. Hja wiene oertsjûge dat it skip eartiids sonken wie. It skip lei foar de wal by skipper Kees van der Kooy en is by tafol ûntdutsen. De famylje is hjir tige bliid mei. It is ek noch in echt Dokkummer skûtsje, bout op de werf Barkmeijer. As útsmiter krije we in filmke te sjen fan de tarieding fan de bemanning op it skûtsje, krekt foar de wedstriid los giet.

Margje betanket Johan Prins, Harry Amsterdam en Frits Prinsen foar de moaie ferhalen en fan de tahearbers krije de mannen applaus.

### 19 jannewaris 2023

Hjoed is al wer de tredde jûn. Ús foarsitter Margje hjit elkenien fan herte wolkom. **Rienk de Jong**, âld-skoalmaster yn Grou, sil earst fertelle oer syn tiid yn de Wâlden. Rienk is berne yn Damwâd. Syn heit wie bakker. Rienk moast al gauris meihelpe. Mei de bakfyts gie hy der al ga op út, it doarp troch. In nijsgjirrich ferhaal is dat de ferneamde Hjerre Gjerrits van der Veen, berne yn Grou, nei de Wâlden gie as skoalmaster. Rienk is fan de kweekskoalle ôf earst nei Midslân gien. Dêr hat er net sa lang west. Hjir hie Rienk it net nei't sin. Yn Grou waard der doe in master frege oan de “Hjerre Gjerrits skoalle”. Wat in tafol! Mar efkes letter waard der in berop op him dien. Master Planting ferstoar hommels. Rienk waard frege om oer te stappen nei de “Master Wielsma skoalle”. En ja, dêr hat Rienk in prachtige tiid hân. It wie fansels in hiel oare tiid as tsjintwurdich yn it ûnderwiis. De masters en de juffers diene mei oan it organisearjen fan de FFF-spueltsjes. Yn de maaitiid gie Rienk mei de bern it lân yn te fierljeppen. De skoallereiskes nei it Amelân, de lêste dei op skoalle wie der in ‘mini-merke’. It Sint Piter-mearke wie fansels ek ien fan de hichtepunten yn it jier. De masters en de juffers diene allegearre mei oan it toanielspul. Yn 1985 kaam Sint Piter op ‘e slide oan yn Grou. In prachtich barren. By it ôfskie fan master Rienk hellen de bern him op en wie der feest op ‘e pleats fan de famylje Wartena yn it Leechlân. Rienk is in echte Grouster wurden en hat it hjir noch tige nei 't sin!

It wie wer in goede slagge jûn. Margje betanket Rienk en de tahearbers wiene it der ek tige mei iens.

### 2 maart 2023

De lêste jûn fan it winterskoft en de seal sit wer grôtfol. Ús foarsitter Margje iepenet de jûn en hjit elkenien tige wolkom. **Bauke Hooghiemster** kriget it wurd en sil ús ferhaal dwaan oer de winter ‘62/’63. Krekt as Sybren van der Vlugt eartiids die, is de Frisia de boarne fan ynspiraasje. Bauke is berne efter de toer, tichteby it izerfabryk en by it wetter. Letter binne se ferhuze nei de Kanaalstrjitte. Dizze winter wie in tige stringe winter en duorre lang. Sels sa lang dat men op it lêst hast syn nocht hie fan it reedriden. Mar earst fertelt Bauke fan de moaie reedriderijen. Der binne hiel wat wedstriden west foar skoalbern, mar ek wedstriden foar froulju, manlju en estafetteriden. Wy krije hiel wat ferslaggen út de Frisia te hearren en der waarden nammen opneamt, û.o. fan minsken dy't yn de seal sitte. In grut talint wie Dick Jellema. Hy hat ferskate wichtige wedstriden op syn namme stean. Dizze ferslaggen waarden skreaun troch Roel de Jong, sekretaris fan de iisklup. Mar ek Jacobus de Vries, Otte Bouma, Atsje Keulen-Deelstra en Haitske Pijlman (doe noch in jong talint) wiene ferneamde reedriders en se hawwe in soad prizen wûn. De iisbaan wie op it

plak nêst de houtstekken fan Halbertsma en op it lân fan Otte Bouma. Men stuts de Grou oer by Hotel Oostergoo. Mei dizze winter koene je de wrâld út ride. It soal oer en dan oer de Ie, troch de Folkert-sleat nei Earnewâld. It wie ek foar boeren in moaie tiid. Se koene nei it melken op redens oer nei famylje op besite. Dit wie de moaie kant fan de winter, mar de oare kant wie, dat der minsken troch it iis sakken en ferdronken. It wurk yn sa'n stringe winter wie swier. De molke fan de boeren moast mei sliden oer it iis nei it fabryk brocht wurde. De einen en oare bisten waarden fuorre troch Aldert Steneker en Sikke Bangma. Bauke fertelt fan in nuodlike tocht mei de auto oer it iis om de bisten te fuorjen yn de Alde Feanen. En we hearre it ferhaal fan Bauke mei heit en mem op besite by syn omke op Ûltsjeboer. Allegearre it iis op, earst de opfeart út. Lokkich hiene hja in tou meinommen. Bauke sjocht ynienen syn heit foar him troch it iis sakjen. Hy raast der oer, mar bliuwt lokkich op 'e râne fan it iis hingjen. It tou hat him rêden. Mar it barren hat djippe yndruk op Bauke makke. Se moasten daliks yn 'e hûs gean en mochten dy dei net wer op it iis komme. Dizze winter wie der ek belslide-jeien op "It String". Hoite Nijdam út Idaard wûn dizze wedstriid. Jierren letter is Sint Piter noch ris mei de belslide fan Hoite Nijdam yn Grou oankommen.

Der wie yn Grou in ploegje jongerein aktief mei muzyk en toaniel. "Rieleks" hjitte de klup foar jongerein dy jûnen organisearre ûnder de namme "Instuif". Sa wiene der ferskate muzykbandsjes, lykas de "Soundriders". De band bestie út: Jelle Sjoerdsma, Symen Lameris, Wiepke van der Mei, Dries v.d. Meer, Reinder Visser en Rienk Brouwer foar de technyk. Hja hiene de repetytsjes yn de âlde U.L.O. We hearre no in pear nummers fan harren repertoire. Al by de earste noaten begjinne de minsken út de seal mei te sjongen, Freddy Quinn ensf. Ek sjogge we Hinne Stellingwerff by ien fan dizze optredens.

We krije noch in prachtige film fan Braam te sjen. In hurdriderij op de iisbaan en dêr omhinne rinne en ride allegear Grousters, lykas Piet Eisinga, Bartele de Leeuw en Fokke Jânsma as starter. In prachtich tiidsbyld fan minsken, jong en âld op it iis. Te gean, as op redens, mei lytse bern op 'e slide. Ek krije we noch in stikje film te sjên fan de âlvestêdentocht fan '63. Der is in list fan dielnimmers, wêr ek Grousters op stean, dy't de tocht folbrocht hawwe.

It wie wer in tige slagge jûn. Margje betanket Bauke Hooghiemster en hy kriget in grut applaus út de seal. It sit der wer op foar dit winterskoft. Wol thús en oant sjen op 2 novimber.

### **DE FOLGJENDE PERSOANEN BINNE ÚS ÛNTFALLEN YN IT TIIDREK 2022-2023:**

**Maria Catharina (Zus) Hoekstra-Blauboer** ferstoar op 21 oktober yn âldens fan 93 jier.

Us âld-stiper **Trienke Duiker-Boerke** wie ek 93 jier doe't se ferstoar op 3 novimber.

En op 4 novimber komt in ein oan it libben fan **Auke Banga**, hy waard 89 jier.

Us âld-stiper **IJke de Groot-Tilma** wie hast 98 jier doe't se ferstoar op 8 jannewaris.

**Dirk Jan Nienhuis** wie 76 jier doe't hy ferstoar op 8 febrewaris.

Op 14 maart kaam in ein oan it libben fan **Wytze Kooiker**, hy waard 94 jier.

**Dine Hendriks-Hokwerda** wie 77 jier doe't se ferstoar op 30 maart.

**Henk de Groot** is stoarn op 25 maaie en hy waard 95 jier.

Us bestjoerslid **Anna Hemstra-de Jong** ferstoar hommels op 4 juny, se waard 78 jier.

Anna hat sûnt 30-11-1994 (dus rom 28 jier) bestjoerslid west. Wat hawwe we in soad wille hân op de bestjoersgearkomsten wêr't ek Anna faak moaie ferhalen hie.

**Geert Tichelaar** wie noch mar 70 jier doe't der op 11 juny in ein kaam oan syn libben.

Âld-stiper **Hendrik van der Bijl** wie 91 jier doe't hy stoar op 5 july.

Op 9 july is ferstoarn **Durk Wiersma**, hy waard 88 jier.

Rom 100 jier waard **Geertje Westra Winselaar-Hooghiemster**, sy ferstoar op 13 augustus.

Stiper **Lieuwe Hiemstra** ferlear op 16 septimber syn frou Reinie, se waard 66 jier.

## BYLAGE



G.A.V.C. in begryp yn Grou. In klup oprjochte op 22 oktober 1922 ûnder de namme “Victoria”. In plan fan in groepke maten op in bankje oan de Nesserdyk om in fuotbalklup op te rjochtsjen. Dat is slagge en we binne no rom 100 jier fierder. Der wie yn it begjin noch gjin fuotbalfjild. Der mocht wol oefene wurde op in stikje lân oan de Nesserdyk fan Pieter Boukes van der Wal en letter oan de ein fan de Stasjonsdyk op it lân fan Feitse de Haan, letter Geert Hosper. Dit alles tsjin in fergoeding fan in oranjekeek as in doaze sigaren.

De namme fan de feriening is oantal kearen feroare. Fan G.V.C. (Grouster Voetbal Club) nei G.A.V.C. (Grouster Atletiek Voetbal Club) en fanôf 1976 nei de namme fan no: “Grouster Amateur Voetbal Club”.

Yn 1927 kriget G.A.V.C. in eigen fjild oan de Pikmar oan it Leidingdykje. Dat moast hierd wurde fan dokter Van der Meer. Om dochs ynkommen te krijen tidens wedstriden, wie it fjild ôfskerme en moast men foar de tagong betelje. Men koe oars fanôf it Leidingdykje de wedstryd fergees sjen.

Yn 1951-1952 ferhûzet G.A.V.C. nei twa nije fjilden oan it foar de measten noch bekende Sportpark Nesserdyk, wêr’t oant en mei 2009-2010 fuotballe wurdt. Op de Nesserdyk is hiel wat wurk ferset. De akkomodaasje is mei help fan in grut oantal frijwilligers hiel wat kearen ferboud. Want ek as fuotbalferiening moat je mei de tiid meigean.

Yn augustus 2010 is it skitterende nije Sportpark Meinga oan de A32 iepene. Ek wêr mei help fan de noadige frijwilligers. Grutsk kin men dêr op wêze, sawol de frijwilligers as op de akkomodaasje. In keunstgêrs fjild en twa gêrsfjilden, wêr no it trêdde fjild (Wetrafjild) opknapt wurdt en dêr’t ferjochting op komt.

G.A.V.C. hat yn 2021 besletten om fan sneinsferiening in sneonsferiening te wurden. Yn in spesjale gearkomste is hjir oer stimt troch de leden en de measten wiene foar de sneon. No spilet it earste alvetal op sneon yn de twadde klasse Noord fan de KNVB.

De klup hat op sportyf gebiet fansels it noadige meimakke, fan degradaasjes oant kampioenskippen, fan 2<sup>e</sup> klasse FVB oant 1<sup>e</sup> klasse op snein en no foar it twadde jier op sneon yn de twadde klasse.

De fiering fan it 100-jierrich jubileum hat yn juni 2023 plak fûn mei as útsmiter de freedtejûn, in feestjûn mei as titel “Always love G.A.V.C.” oer dizze perioade.

Der is ek is in tige slagge jubileumboek makke. It boek is noch te keap foar € 30,=

(skreaun troch Jan Kiemel)

## STIPERS:

J.D.Achenbach, B.Andringa, C.Andringa, **S.Andringa (Raerd)**, **S.A.Andringa**, F.Andringa-van der Pal, **H.Atema**, J.A.v.d.Baan, F.Bakker, **H. Betten**, **K.Betten**, J.Blaauw (Grins), S.Blaauw (Menaam), **T.Blaauw**, B.de Boer, F.de Boer (Akkrum), J.de Boer (Wytgaard), K.de Boer, H.Boerstra (Akkrum), S.J.Bokma, D.Booi, **S.Boonstra**, **C.Bos (Ljouwert)**, **G.Bos**, A.Bosch (Ljouwert), J.v.d.Bosch, E.R.Bosma, B.Bouma (Aldeberkeap), **G.Bouma**, **M.Bouma (Boalsert)**, **R.Bouma**, R.Bouma, S.Bouma, T.G.Braam (Epe), N.Brolsma, **R.Brolsma**, U.H.Brolsma (Zaandam), **R.Brouwer**, C.Brouwer-vd.Bosch, B.Bruinsma, N.Bruinsma, **S.Bijlsma (Driesum)**, F.Bijlstra-Visser, J.Castelein, **S.Castelein (Jorwert)**, H.Cnossen, I.Cornelder-Lageveen, E.R.Dalstra, F.Dam-v.d.Lei (Goïngaryp), P.Dauvellier (Akkrum), J.v.Dellen-vd.Bijl, R.Drenth-de Jong (Rotsterhaule), S.Drijfhout-Kaastra, A.v.Duuren (Ljouwert), A.A.v.Dijk-Smit (Drachten), H.Dijkema-Dijkstra, A.Dijkstra-Sikkema, A.M.Dijkstra, I.Dijkstra-Hof (Drachten), **P.Dijkstra**, P.Dijkstra-Adema, **R.Dijkstra-Duiker**, T.Dijkstra-Pijl, U.Dijkstra, **J.Elzenga**, J.v.Es, W.Faber (Den Haach), **H.Feenstra**, W.Feenstra (Goïngaryp), H.Fokkema-Scholten, A.v.Galen, J.Gerritsen-de Vries, **A.Gerlofsma**, J.T.v.d.Goot, A.J.Gorter, B.de Groot, T.de Groot, W.de Groot, F.de Haan, G.de Haan, G.de Haan-Smit (Nes), **J.de Haan**, J.de Haan, M.de Haan (Frentsjer), Y.de Haan-Seinstra, T.Halbertsma (Eastersé), A.Hallema (Mantgum), C.P.vd.Ham, A.Hazenberg, (De Gerdyk), D.Hazenberg, **J.Hazenberg** (Haulerwyk), **S.Hazenberg**, N.Heida, A.Heidsma, S.Heidsma (Twello), S.Heidsma (It Hearrenfean), J.Helder (Drachten), H.Hemstra, J.Hendriks, B.vd.Henst, G.Hiemstra (Boalsert), **H.Hiemstra**, L.Hiemstra, E.Hoekema-Baarup (Súdhorn), **J.F.Hoekstra**, R.Hoekstra-vd.Schaaf, J.H.Hofstra, R.Hofstra-v.d.Berg, J.Hogewerf, A.Holtrop, **J.Holtrop**, J.W.Holtrop, S.Holtrop, S.A.Hondema, **S.L.Hondema (Akkrum)**, **B.Hooghiemster-Hoekstra**, B.K.Hooghiemster, **M.Hooghiemster (Dokkum)**, R.Hooghiemster (Akkrum), **U.Hosper (Oerterp)**, **E.Huininga**, A.Huitema, **J.van Huizen**, J.Hylkema, K.W.Hylkema, G.v.d.Iest (Frentsjer), A.Jaarsma (Paterswolde), D.Jellema, M.Jellema, T.Jellema-Rinzema (Akkrum), A.de Jong-Jellema (It Hearrenfean), B.de Jong, G.de Jong (De Pein), **H(a).de Jong**, **H(a).de Jong**, H(i).de Jong, J.de Jong, L.K.de Jong, L.de Jong (Monnikendam), M.de Jong, M.de Jong (Boalsert), R.de Jong, **S.de Jong**, S.de Jong-Roodbergen, **T.de Jong**, T.Jongsma-Wester, **W.Jonker (Wommels)**, A.Juckers, **G.Kaastra-Berga**, **M.Kaastra**, A.Keuning (Boarnburgum), J.A.J.Keuning (Dimter), **J.Kiemel**, M.Kingma Boltjes, C.Kleinhuys, G.Kleinhuys-Bijlsma, J.Kleinhuys (Lippenhúzen), M.Kleinhuys, R.Kleinhuys (Sint Nyk), S.Kleinhuys-vd.Vlugt, T.Knol-de Jong, R.Kooiker-Siegers, T.Koopstra (De Jouwer), R.Kornet, **B.Kramer-Eizenga**, Y.Kramer-Postma (Jirnsom), **C.Kriege**, A.Kroese, L. Kroese (Harns), M.Kuipers-Lievestroo (Akkrum), **B.Lageveen**, B.Langhout-Hooghiemster, R.Leenstra, **J.Leistra**, J.Leistra-Buikstra, S.E.Leistra, T.Leistra- de Jong, **J.v.d.Leij (Wyns)**, F.Leijstra, A.Liemburg, **G.Martens-de Jong**, G.v.d.Meer, **T.v.d.Meer (Noordbroek)**, T.vd.Meer-Deelstra, S.Meester-Bruinsma, D.v.d.Mei, **J.Meinsma-Tasma**, N.Meinsma, E.Meijer, **L.Melein-Kooiker**, **L.Meter-Oostwoud**, **C.v.d.Meulen**, M.v.d.Meulen, A.Miedema-Tjallema, **B.J.Mink**, H.Molendijk, J.W.Nienhuis, L.Nienhuis-Boswinkel, M.Nienhuis, T.Nobbe-Biesma, E.v.d.Noord, S.Odinga, E.Okkema, G.Okkema, H.J.Okkema, H.Oldenhof, A.Oldenziel- de Jong (Muntendam), **B.v.Oosten-Sienema**, L.vd.Pal-Woudstra, A.Pasma-Kaastra (Ljouwert), W.Pasma, A.Peenstra (Drachten), H.Ploegsma-Jellema, J.D.Ploegsma, H.Pool, S.Porte, H.Posthuma, **S.Postma**, **S.B.Postma (Akkrum)**, S.Provily, A.H.Readbergen (Warkum), **A.Roodbergen-de Jong (Akkrum)**, **H.Roodbergen (Harns)**, N.Roodbergen, **J.P.Rottiné**, H.de Ruiters-Postma (Wytgaard), Z.de Ruiters-Postma, M.Rijke-van Tetering, **W.Rijpstra-Sienema**, J.G.v.d.Schaaf, **J.H.v.d.Schaaf**, **H.Schiere**, A.Schoustra, **S.Schouwstra**, P.Schurink, A.Sikkema, G.Sjoerdsma (Wergea), J.Sjoerdsma Jzn, **J.Sjoerdsma Wzn**, M.Sjoerdsma (Haren), W.Slauerhoff-de Jong (Modesta USA), H.van Slooten-Heidsma, W.vd.Sluis, **Y.v.d.Sluis (Beilen)**, D.Smit (Ljouwert), K.G.Smit, **T.Snoek**, R.Speerstra-v.d.Meer (It Hearrenfean), H.Spijckstra, J.Spijckstra, **S.Spijckstra**, G.Stellingwerff (Amsterdam), **K.W.Stelma**, A.Sytema-Stellingwerff, **W.Terra-v.d.Berg**, H.Tichelaar, J.Tichelaar (Idaard), M.Tichelaar, S.Vaas-Hazenberg, **S.Valk-Feenstra**, A.M.v.d.Veen (Skingen), **L.vd.Veen-Terra**, **M.vd.Veen**, Y.v.d.Veen, H.van Veenendaal (Bûtenpost), **S.Veenstra-Andringa**, G.Verhoeven, A.Vervat-de Wrede, C.Visser, **D.Visser**, G.Visser-v.Stralen, J.Visser-Poppinga, R.Visser, T.Visser, **M.Vissia** (H.I.Ambacht), H.Vochteloo, A.Vollema, H.Vollema, (De Lemmer), A.Vonk-de Jong (Balk), A.de Vries, G.J.de Vries, J.de Vries, J.de Vries (It Hearrenfean), **J.de Vries**, K.de Vries, **R.de Vries**, R.de Vries (Wolvegea), R.de Vries-vd.Kooi (Ljouwert), T.de Vries-Veenstra, J.Wagenmakers (Oranjewâld), **D.de Wal-Tienstra**, **P.vd.Wal**, R.J.de Wal, K.Wapstra, W.Wapstra (Duiven), **R.Wartena**, **E.Wegman (It Hearrenfean)**, M.v.Welsenens-Heinis, H.v.d.Werf, H.Wessels-Deelstra, A.Wester, G.Wester, D.Wiersma, **J.de Winkel**, **S.Witteveen**, **F.de Wolf (Akkrum)**, T.G.de Wrede (Aldeboarn), **A.Wijbenga**, B.vd.Wijk, S.P.v.d. Zwaag-Blauw (Akkrum), R.Zwager, L.Zwerver (It Hearrenfean), L.Zwerver (Snits).

Sûnder plaknamme is Grou. As der mear persoanen stiper binne is de namme fet drukt. It tal stipersadressen heal septimber 2023 is 315.